

# frysk & frij



## S. J. van der Molen skreau boek oer Winterjûnenocht

### De foardragers woene de lju laitsjende de wierheid sizze

Fan't maitiid sil der in boek fan Sytse Jan van der Molen útkomme oer fiifensechstich jier Frysk Winterjûnenocht mei de titel „En ús Harke mei syn klare kop”. Der hawwe gâns swierrichheden west, ear't it aanst safier is. De útjefte hat sels noch efkes oan in rottich toutsje hongen.

Yn 1977 krige Van der Molen fan Depu-  
tearre Steaten de opdracht om in boek te  
skriuwen oer Fryske winterjûnenocht fan  
foar de oarloch en oer it Fryske kabaret fan  
nei de oarloch. Dêrby waard it Winterjûne-  
nocht sjoen as de foarrinder fan it kabaret.  
Twa Fryske útjouwers wiene daliks ree om  
sa'n boek út te jaan.

Mar doe't Van der Molen ienkear oan it  
wurk wie, kaam der safolle materiaal boppe  
wetter, dat er op in stuit foar de kar kaam  
te stean: de helte fuortsmite of syn boek be-  
heine ta it Winterjûnenocht en it Fryske ka-  
baret der bûten litte. De skriuwer hat doe  
foar it lêste keazen, mar dat wie fan dy ge-  
folgen, dat net ien fan 'e beide útjouwers  
noch nocht oan it ûndernimmen hie. Sûn-  
der in stikmannich haadstikken oer it kaba-  
ret soe it noait slagje en reitsje genôch fan  
dy boeken kwyt oan 'e Fryske lêzers, tocht  
harren. Mar mei de help fan 'e „Freonen  
fan it Frysk Ynstitút” te Grins,, de Fries-  
land Bank en útjouwer Lykele Jansma sil  
„En ús Harke mei syn klare kop” fan't  
maitiid dochts yn 'e Fryske boekwinkels li-  
ze.

#### Jild as wetter

Van der Molen dielt it Winterjûnenocht yn  
syn boek op yn twa tiidrekken. It earste  
duorre fan 1860 oant 1890 mei as bekendste  
nammen dy fan Waling Dijkstra en Tsjibbe  
Gearts van der Meulen. It twadde tiidrek  
rûn fan 1895 oant 1926. De nammen, dy't  
fan dy snuorje it langst yn it ûnthâld hing-  
jen bleaun binne, binne dy fan Krips en  
Molenaar.

It is allegearre begûn mei Auke Boonem-  
mer yn 1860. Sels nearnde er him ek wol  
„Boarner”. Dy Auke Boonemmer wie  
frijfeint en hy fertsjinne syn brea as ferver  
yn Hurdegaryp. Letter is er sa earm as in  
lús stoarn yn it earmhûs. Boonemmer frege  
Tsjibbe Gearts van der Meulen op in dei, it  
wie yn 1860, oft dy der ek wat foar fielde  
om der mei him op út te foardragen. It like  
Van der Meulen in skoander idee ta, hy  
moat sels noch sein hawwe. „Dan fertsjinje

wy letter jild as wetter”.  
Mar Van der Meulen liet noait wer wat fan  
him hearre. Oant in oar in skoftsje letter ris  
oan Boonemmer frege, oft er it al heard hie  
fan Tsjibbe Gearts van der Meulen en Wa-  
ling Dijkstra. Dy hiene yn hotel Jorissen op  
It Hearrenfean west te foardragen en dêr

Krips (rjochts) en Molenaar mei yn it mid-  
den Willem Venema, de pianist



(ferfolch op side 8)

hiene se tritich gûne foar krige.  
Van der Meulen hat Boonemmer letter út-  
lein, hoe't it safier kommen wie: hy moast  
goed begripe, Dijkstra en hy wiene troude en  
moasten de kost fertsjinje, wylst Boonem-  
mer frijfeint wie en net ien hie om foar te  
soargjen. Boonemmer is der doe sels ek op  
útgien te foardragen tegearre mei in Siete-  
ma.

#### Houten broek

Van der Meulen en Dijkstra hawwe der trije  
jier mei har beiden op út west. Doe is de  
earste der mei ophâlden, om't er in baan-  
tsje by de posterijen krije koe. Waling-om



Regionale bank

Jo sparjild wurdt brûkt  
ta de ekonomyske ûntjouwing  
fan jo eigen provinsje

Fryslân Bank

jo eigen bank

### Lêste nûmer 1982

It is sa fier. Dit moat dan al wer it lêste nû-  
mer van „Frysk & Frij” yn 1982 wêze.  
Want nije wike — tusken de Krystdagen en  
Ald en Nij — komt der gjin krante út. Mei  
dit nûmer wurdt de alfte jiergong fan ús  
blêd ôfsletten. Oan 'e ein fan de earste wike  
yn it nije jier krije de lêzers it earste nûmer  
fan de tolfte jiergong troch de brievebus.  
„Frysk & Frij” ferskynt dan wer alle wi-  
ken.

Hoe't it yn 1983 mei „Frysk en Frij”  
komt? It sil ús lêzers net ûntgien wêze, dat  
de provinsje Fryslân, mei ûnder druk fan  
de hyltiten krupper wurdende jildmiddels,  
it subsidzje foar „Frysk & Frij” ferlege  
hat. Yn 1983 kriget Frysk & Frij  
f 150.000,— fan de provinsje. dat is in  
f 70.000,— minder as oer 1982.

Lykwols sil besocht wurde „Frysk & Frij”  
ek yn 1983 like faak ferskine te litten as yn  
1982. In ferheging fan it abonnemintsjild is  
dêrta needsaaklik. Oant no ta ha de abo-  
nees alle jierren noch altiten ta kinnen mei  
it beteljen fan minder as de helte fan de  
kostpriis fan de krante. Hokker wykblêd  
koste f 24,— yn it jier? Dat sil sa stadich-  
oan dus wat oars moatte.

Moedjaande ûntjouwingen binne der ek. It  
tal abonnees is ek yn 1982 wer fiks tano-  
men. En dat wylst hast alle kranten abo-  
nees ferliezen. Spitich, dat der ek ûnder ús  
lêzers guon wiene, dy't opsizze moasten  
fanwegen minder ynkomsten. It muoit ús,  
dat wy hjoed ôfskie fan harren nimme  
moatte.



Oanbeane tsjinsten binne  
selden goed



Handwritten notes at the bottom of the page, including 'Wat seit Ukke de Ka' and other illegible scribbles.

## De foardragers woene de lju laitsjende de wierheid sizze

hat der dêrnei in hoartsje op út west mei Germ Colmjon, mar ek dat hat net salang duorre. Colmjon koe op in stuit in baantsje krije as archivaris en bibliotekaris fan Fryslân en doe wie it wat him oanbelanget dien mei it foardragen. Mar Waling Dijkstra koe de sinten wol brûke, dat dy gie der op út om in nije maat. En dy fûn er yn...Auke Boonemmer.

Ek dat hat net in oparbeidzjen fan lange doer west. Auke Boonemmer gie net al te maklik mei minsken om, hy hie wakker lange teannen. Waling Dijkstra sil wol net wold hawwe, dat it minne sin fan Boonemmer him jild koste en hat it oparbeidzjen mei Boonemmer op in stuit opsein. Fan dy tiid ôf (1875) hat er der allinne op út west, oant 1890 ta.

Mei't Waling Dijkstra der allinne foar kaam te stean, wie it fansels dien mei de twaspraken. Mar al te folle ferskil makke dat no ek wer net, want dy twaspraken wiene ek net mear as it wurd sels seit: twa hearen, dy't om bar oan it wurd wiene. Fan toanielspyljen of in sketske koe ek net praat wurde. Se stiene net iens op it toaniel, mar yn „de houten broek”, in soarte fan kathe-

der. It iennichste wat se diene, wie foardrage, der waard ek net songen of muzyk by makke.

### De wierheid sizze

Mei't Waling Dijkstra der yn 1890 mei ophâlde, hy wie doe al aardich op jierren, wie dat ek de ein fan it earste tiidrek fan it earste Winterjûnenocht. It doel fan dat Winterjûnenocht wie, seit Van der Molen Molière nei, om de minsken laitsjend de wierheid te sizzen. De lju te ferdiveearjen stie foarop, mar der sieten ek wol dingen yn, dêr't wy hjoeddedei fan sizze soene: dat is kabaret. Allinne, dat utere him net sa lyk yn krityk op'e maatskippij, mar mear yn it oanpakken fan 'e minsken. Ype Poortinga hat it al ris oantsjut as „boargerlik-liberaal”, mar dêr kin Van der Molen it dochs net alhiel mei lykfine. Hy wiist op in foardracht fan Boonemmer, dêr't dy de arbeidersstriid yn Ingelân de lytse man yn Fryslân as foarbyld yn foarhâlde. De teksten hiene soms dus grif wol in sosiale ynslach. Dat sil foar de tsjerke faaks ek wol meispile hawwe, doe't dy tsjin it Winterjûnenocht warskôge.

Tusken 1890 en 1895 hawwe der winliken gjin foardragers fan kwizekwânsje west. De iennichste, dy't eat die, dat der in bytsje op like, wie Cees Wielsma, dy't Ingelske lieten oersetten yn it Frysk en dêr de provinsje mei ôfreizge.

### In ferrassing

Yn 1895 begûn it twadde tiidrek fan it Winterjûnenocht, doe't Meindert Rozenga en Simke Molenaar elkoar moeten. Rozenga wie in skoalmaster, dy't der wol ris op útgie mei foardrachten, mar dêrnjonken ek sprutsen hie foar de sosialistyske beweging. Syn sosialistyske oertsjûging wie ek yn guon fan syn foardrachten werom te finen. Molenaar wie in Grouster en ek hy gie der wol ris op út te foardragen. Hja namen it beslút om it foardragen tenei mar tegearre te dwaan. Se namen foar har om de polityk der bûten te hâlden, mar neffens Van der Molen wiene har teksten dochs net altiten sûnder krityk op 'e maatskippij en it kapitaal.

De titel fan Van der Molen syn boek, „En ús Harke mei syn kleare kop”, komt ek út ien fan 'e foardrachten fan Rozenga en Molenaar. Benammen Rozenga wie tige populair en der is ek wol sein, dat der nei him nea wer ien west hat, dy't sá sjonge koe en

*Simke Molenaar en „Kingkyl” as Sjouke en Pierkje*



sá komysk wie. Ien fan 'e ferneamdste sjen fan it twatal wie Oept en Kekke. Ek de kranten fan dy tiid wiene tige sprekkend oer it twatal. It „Nieuwsblad van het Noorden” skreau yn in ferslach, dat dy manlju har gâns tafallen wiene. Se wiene nei de útfiering tagien mei yn'e efterholle it Café Chantant, dat yn dy snuorje ek wakker folksriem wie en dat foaral te tankjen hie oan 'e healneakene froulju. Mar dy twa Friezen wiene helte geastiger en it peil wie folle heger. It hie in ferrassing west foar de ferslachjouwer.

### Oan'e drank

Wat Rozenga en Molenaar diene wie hiel wat oars as it eardere foardragen fan Waling Dijkstra en syn maten. Der waard no toanielspile, se ferklaaiden har en der wie muzyk by. Dat wie foar dy tiid wat nijs. „Al moat men it fansels wol yn syn tiid sjen”, seit Van der Molen, „it is net te ferlykjen mei it kabaret fan hjoeddedei”. Rozenga en Molenaar binne útinoar gien, doe't Rozenga, dy't earst gehielûnthâlder wie, oan'e drank rekke. Dat wie yn 1899. It wie in tige dramatyske ein. Molenaar hie syn maat al in pear kearen warskôge en doe't er him dochs wer trapearre, doe't Rozenga op it toaniel in slokje efteroer sloech, hie er syn nocht. Hy hat alle útfieringen ôf sein, op ien nei yn Arnhem dêr't se winliken net foar wei koene. Nei ôfrin fan it opkommen yn Arnhem, sei Rozenga tsjin Molenaar, al wie der hielendal neat tusken harren bard: „Wy meie ek wol ris in nije koffer ha”. Mar Molenaar wie ûnferbidlik: „Do wist, ik wol net mear mei dy”. Rozenga hat doe noch in „kypske fan Kekke” as oantinken meinommen.

Molenaar hat letter skreaun, dat er Rozenga dêrnei noait wer sjoen hat. Rozenga is twa jier letter ferstoarn, doe't er in nacht mei syn dronken kop yn'e bûtenloft lein hie, nei't er earst al ris yn in sleat rûn wie.

### Krips en Molenaar

Simke Molenaar hat der dêrnei in jiermanich mei Hindrik Kylstra („Kingkyl” waard er neamd) op út west, mar dat foldie him dochs net sa goed as mei Meindert Rozenga. Yn 1904 fûn er in oare maat: Lambertus F. Krips. Dy hie in lapkewinkel yn Wommels en gie der geregeldwei allinne op út om foar te dragen. Fan 1904 oant 1926 wiene Krips en Molenaar de wichtichste fertsjintwurdigers fan it Fryske Winterjûnenocht. Se waarden op 'e piano (en as dy der net wie op'e fioele) begelaat troch Willem Venema.

Minsken út alderhanne rûnten hawwe wol nei Krips en Molenaar ta west. De tsjerke wie sa bang ek net mear foar it Winterjûnenocht, al warskôgen de meast rjochtsinnige dûmny's de gemeenteliden der noch wol foar. Foar sokken wie it „duvelswurk”. Mar de rollen hawwe ek wol ris omkeard west. Yn it boek fan Van der Molen stiet in anekdoate fan in dûmny, dy't sels nei it Winterjûnenocht tagie, mar de oare deis foar in healfolle tsjerke stie te preekjen. Dat dûmny nei soks tagie, dêr koene de minsken net by. Krips en Molenaar binne der yn 1926 mei ophâlden, nei alle gedachten om't it har hieltyd swierder foel. Se wiene doe al oer de fyftich. Neitiid hawwe se noch wol ris op'e planken stien by spesiale gelegenheden. Simke Molenaar is yn 1965 ferstoarn, hy wie doe 91 jier. Lambertus Krips wie 1951 al weirekke, mar ek dy wie doe al aardich op jierren: 76 jier.

### In gat fan komsa

Dêrnei foel der, sa skriuwt Van der Molen yn syn boek, yn 'e Fryske ferdiveadaasje in gat fan komsa. Dat waard pas wer opfold, doe't Tetman de Vries yn 1943 út ein sette. Oant safier it ferhaal oer de foaroanmannen fan it Fryske Winterjûnenocht. Der wurde ek noch gâns oare saken yn „En ús Harke mei syn kleare kop” behannele. Sa komme ek de lytsere goaden fan 'e Fryske foardrachtskeunst oan bod. Ek wurdt in byld jûn fan 'e tiid, dêr't it allegearre yn barde. Benammen it reizgjen, mei de billevin en mei it trekskip, kriget it nedige omtinken. Fierders befettet it boek in karlêzing út 'e wurklisten fan 'e foardrachtskeunstners, dy't de lêzer in yndruk jowe fan it slach teksten en meldijen, dat de manlju nei foaren brochten.

SIETSE DE VRIES